

## *De artikelbydragen yn dit nûmer binne fan:*

**Kees Draaisma**, berne 1944 te Frjentsjer, wurke fan 1965 ôf by in finansjele ynstelling yn Amsterdam, wennet sûnt 1974 yn Heiloo. De ûnderwerpen dy't er as ûndersiker by de kop nimt, hawwe gauris in relaasje mei de krite dêr't er yn opwoeksen is. Sa publisearre er û.o.: *Bar avontuur* (1991), oer de fiskerij op hearring, tong, skol en ansjofisk bylâns de kust fan Barradiel; *Villa de wanhoop* (1997), oer de skiednis fan in dykhûske út 1746 by Roptasyl; *Geschiedenis van Roptazijl* (2010) en *De Stienen Man die kiekt 't an* (2015), in 'koarte populêre ferzje' oer Caspar de Robles.

**Jarich Hoekstra**, berne 1956 te Hitsum, studearre Noarsk en Frysk oan 'e Ryksuniversiteit Grins, wurke fan 1981 oant 1999 by de Fryske Akademy, earst as leksikograaf by it *Wurdboek fan de Fryske Taal* en sûnt 1987 as taalkundich ûndersiker. Promovearre yn 1997 te Grins op *The Syntax of Infinitives in Frisian*. Is sûnt 1999 heechlearaar Frysk oan 'e Christian-Albrechts-Universität te Kiel (Dútslân).

(Basearre op fan 'e auteurs sels oanlevere ynformaasje.)

